



IN RUS YN DE TUN

(Keeping down with the Joneses)

In komeedzje fan

JOHN CHAPMAN en JEREMY LLOYD

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

Nederlandse titel

De kelder van Jones

door

Han Steemers

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IN RUS YN DE TUN – KEEPING DOWN WITH THE JONESES** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JOHN CHAPMAN en JEREMY LLOYD**, Friese bewerking **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

GEOFFREY JONES - arsjitekt, skitende krekt

DEIRDRE - syn frou

FROU WAYNFLETE - har mem dy't der net altyd 'by' is

GRINDLE - de seksy Sweedske babysit

JOE - telefoanmonteur


CLIVE PATEL - de 'donkere' molkboer

RAYMOND BLAKE - de buorman

SONIA - syn frou

BOBBY - de plysjeman

DEKOR:



EARSTE BEDRIUW

Earste tafriël

(it toaniel is tsjuster. As it doek iepengiet wurdt it metalen lûk boppe-oan de trap iependien)

DEIRDRE: It is in steile trap.

JOE: Ik sjoch gjin donder.

DEIRDRE: Gjinn panyk. Der is hjir ergens in ljochtknopke. *(ynienen fol ljocht)*

JOE: Ferrek!! *(Deirdre en Joe komme de trap del. Deirdre is kreas mar praktysk klaaid. Joe is in kreaze jongkeardel yn in spikerbroek, sportskuon en in learen jaske)*

DEIRDRE: Dêr moat de telefoan komme, dêr yn de sitkeamer. *(se rinne nei de ûntspanningsromte links)*

JOE: Frou Jones, doe't jo in ekstra tastel bestelden ha jo der net by sein dat it healwei Australië komme moast.

DEIRDRE: Doch net sa gek, we sitte mar acht meter ûnder de grûn.

JOE: Mar ik ha mar twa meter snoer by my. We moatte seker noch tritich meter brûke om by de oansluting yn it hûs te kommen.

DEIRDRE: Ik tocht dat jim altyd in grutte rôle by jim hiene en dan it stik ôfknipten dat jim brûke moasten.

JOE: Ja. Mar dy ha ik net yn de bûse. Dy leit yn de auto.

DEIRDRE: Ja, krij ik no dy telefoan of net?

JOE: Ja, net liik wurde. Ik helje noch tritich meter, dy slút ik oan op de wandkontaktdoaze en op it tastel en foardat jo it witte kinne je mei de hiele wrâld belje.

DEIRDRE: Moai sa.

JOE: Lekker rom, dy kelder. Is dy foar de hiele strjitte?

DEIRDRE: Nee. Privee. It motto fan myn man is: "Wês der klear foar".

JOE: Wat ferwachtet er? De Trede Wrâldoarloch?

DEIRDRE: Earlik sein: Ja! *(der komt ien de trap del mei in waadbroek oan, in reinjas, rubberwanten, in badmûtse op en in gasmasker foar)*

JOE: *(docht as skrikt er)* Ferrek, it is al begongen. *(in net te ferstean lûd fan achter it masker)*

DEIRDRE: Skat, we ferstean gjin wurd fan watst seist.

GEOFFREY: *(docht it masker ôf, hy is slim serieuus en mear as effisjint)* Spyt my Deirdre.

JOE: Ferwachtsje jim hjir reinwetter?

GEOFFREY: Nee, nee, dit is in senuwgaspak.

JOE: Witte jo wat dat ik net wit?

GEOFFREY: Jo hoege de krante der mar op nei te sjen.

JOE: Fanmoarn stie der neat oer yn de krante.

DEIRDRE: Ik tink datst wol oannimme meist dat myn man as Parlemintariër, wat mear wit as de kranten.

JOE: Parlemintariër?

GEOFFREY: Ja seker, ik sit yn it Parlemint foar dizze regio.

JOE: Ik ha jo noch noait sjoen.

DEIRDRE: Doch dy badmûtse ôf Geoffrey.

GEOFFREY: Wat? O ja. *(set de mûtse ôf)* Sjesa.

DEIRDRE: Kenst 'm no?

JOE: Nee.

GEOFFREY: Ik bin Geoffrey Jones.

JOE: Goh, ja, jo sjogge der op de oanplakbiljetten hiel gewoan út.

GEOFFREY: En wa bisto presys?

JOE: *(hâldt de telefoan omheech)* Ik sil jo ien hint jaan.

GEOFFREY: Aha, telefoanmonteur.

JOE: Yn ien kear goed. No snap ik hoe't jo yn 't Parlemint kommen binne.

GEOFFREY: Soest dy telefoan net es oanslute?

JOE: *(hellet in stik papier foar 't ljocht)* Wylst ik dat doch: hoe wolle jim yn it telefoanboek stean?

DEIRDRE: Wol ik net. We ha leaver in geheim nûmer.

JOE: Aha. Jo wolle net dat minsken telefoanysk in plakje reservearje wolle at it gedonder begjint?

DEIRDRE: Nee. We ha de babysit al en ús mem, en fansels Charles en myn man. *(Grindle, de kreaze Sweedske babysit komt de trep del yn in koart rokje. Foarsichtich komt se stapke foar stapke nei ûnderen mei in reiswidze)*

DEIRDRE: *(nei it haltsje)* Foarsichtich Grindle, do moastst net op hege hakken dy trep delkomme.

GRINDLE: Oare kear doch ik se út.

DEIRDRE: Ja, asjebleafst sis.

GRINDLE: *(is no ûnder)* Wêr sil ik Charles delsette?

DEIRDRE: *(wiist nei de doar links yn de ûntspanningsromte)* Dêrachter yn de sliepkeamer.

GEOFFREY: Jou my lytse Charles mar. *(hy nimt de widze oer en bringt dy nei de sliepkeamer. Grindle rint by Joe del en stiet dan stil om in ankelbandsje fêst te meitsjen, dan giet se Geoffrey achternei)*

JOE: *(fol bewûndering)* Lit de Tredde Wrâldoarloch mar komme.

DEIRDRE: Bisto troud?

JOE: Nee, mar at ik troud wie soe ik oare fûgeltsjes noch wol moai

fine.

DEIRDRE: Ik ha fierste folle houliken om dy reden op de klippen rinnen sjoen.

JOE: Sitte jo dêrmei?

DEIRDRE: Nee, nee. Ik praat as houlikadviseur. Myn houlik is in lot út de lotterij. Myn man sil nooit nei oare froulju sjen.

JOE: (*sjocht nei Grindle*) En wa hat har dan útsocht?

DEIRDRE: Wy tegearre. Myn man wie it mei my iens dat sy it meast beloftefolle fanke wie dat wy sjoen ha.

JOE: Dêr stean ik achter.

DEIRDRE: Jim manlju binne doch raar. Oan de klank fan dyn stim kin ik al hearre datst allinne mar oan seks tinkst.

JOE: No, dat dogge we doch allegear, litte we no earlik wêze.

DEIRDRE: Myn man is dy faze fan flirten nei in kreas fanke foarby. Hy sjocht nei wat der ûnder sit.

JOE: (*knypeaget*) In goed plak om te begjinnen.

DEIRDRE: Ik ha 't drok, meitsje dy oansluting no mar klear.

JOE: It earste is al klear. Watfoar kleur telefoan wolle jo ha? Swart of wyt? (*Geoffrey op, no yn gewoane klean*)

DEIRDRE: Watfoar kleur telefoan, Geoffrey?

GEOFFREY: Grien, tink ik.

DEIRDRE: Ja, dat soe der moai by passe.

JOE: Dan moat ik wol nei 't magazyn.

GEOFFREY: Sjit dan mar op, bêste man. Om tolve oere presys slute wy it lûk.

JOE: Wat doch ik at ik te let bin? Oanklopje?

GEOFFREY: Nee, at it lûk ticht is bliuwt it ticht.

JOE: Oant wannear?

GEOFFREY: No, om de oefening sa echt mooglik te meitsjen bliuwe wy trije wike ûnder.

JOE: Trije wike!?

DEIRDRE: Op ien dei nei.

GEOFFREY: Spitich genôch moatte wy in dei earder nei boppen omdat myn manager trout.

JOE: Wachtsje even. Jo binne Parlemintariër. Wat dogge jo op in buro?

GEOFFREY: Ik bin ek arsjitekt.

JOE: Oh, in klandestyn bybaantsje?

GEOFFREY: De measte Parlemintariërs ha der in baantsje by.

DEIRDRE: Myn man is ferantwurdlik foar in soad arsjitektuer hjir yn de regio.

JOE: O ja? Jo ha doch net tafallich wat te krijen mei it Waverley

Bouplan?

DEIRDRE: Jawol.

GEOFFREY: Ien fan myn earste opdrachten. Ha ik in priis foar hân.

JOE: Jo soene es besykje moatte om dêr yn te wenjen, maat.

DEIRDRE: Ik fyn dat it der leuk útsjocht foar in wenblok.

JOE: Leuk ja.

DEIRDRE: Ik bin der lêsten trochhinne riden en it foel my op dat in soad huzen blombakken ûnder de ruten hiene.

JOE: Dat is ûnkrûd dat út de fochtige kezingen groeit. Dy huzen binne boud op drûchleine grûn en at it jûns stil is kinst hearre dat se it focht opsûgje as reusachtige betonnen spûnzen.

GEOFFREY: No oerdriuwst.

JOE: Wachtsje mar oant ik tsjin de buorlju sein ha wêr't jo wenje. Dan bliuwe jo grif wat langer as trije wike ûnder de grûn. Oant sjen.
(*draaft de trap op*)

DEIRDRE: Miskien hiest dat fan dy priis better net sizze kinnen.

GEOFFREY: Wêrom net. Ik bin der grutsk op. Ik bin der ek grutsk op dat ik dizze kelder boud ha en de foarútsjende blik hân ha om de hiele famylje en jim mem fan in wisse dea te rêden.

DEIRDRE: Hoe bedoelst: de hiele famylje en ús mem? Ferjit net dat ús mem hjir in moai soad oan meibetelle hat.

GEOFFREY: No, it is bepaald net ienrjochtingsferkear. Se wennet al tsien jier by ús yn en litte we earlik wêze: it is net sa maklik om yn ien hûs te wenjen mei ien dy't yn in oare wrâld leeft.

DEIRDRE: Se praat echt gjin wartaal.

GEOFFREY: Se is gek. Ik sjoch net yn wêrom't jim mem, foar it slagjen fan dizze oefening, hjirby wêze moat.

DEIRDRE: Skat, at we har trije wike allinne boppe litte kin der fan alles misgean.

GEOFFREY: De húshâldlike help komt no en dan te sjen.

DEIRDRE: In âldere frou sa as ús mem kin yn ien nacht samar wei wêze.

GEOFFREY: Myn god, en at se hjir no it hoekje om giet? Leuk sis!

DEIRDRE: No, at dat gebeurt, wat God ferhoedzje mei, sille we it hjir echt ûnderbrekke moatte en de begraffenis regelje.

GEOFFREY: Mar it hiele punt fan dizze oefening is dat we it sa echt mooglik meitsje moatte. No, midden yn de Tredde Wrâldoarloch, mei in meter radio-aktive stof oer de hiele tún en oer it grutste part fan Northolt, kinne we doch net even it lûk iepenmeitsje om jim mem kwyt te reitsjen.

DEIRDRE: Mar Geoffrey, at it no echt wie, wat soene we dan mei har dwaan moatte?

GEOFFREY: Ik tink dat we har dan yn de friezer lizze soene.

DEIRDRE: Mar dêr lizze de rantsoenen al yn. At we dy der úthelje bedjerre se.

GEOFFREY: Net sa gau as jim mem.

DEIRDRE: Ik tink datst hjir net goed genôch oer neitocht hast. Sis do my mar es wat we dwaan moatte atsto it leadsje leist.

GEOFFREY: Wol, de friezer soest net brûke kinne, dat is dúdlik. Ah, mar wachtsje even, der is in oare oplossing. Oan it ein fan dizze tunnel, achter dy kast dêr, is in stielen doar, dy't nei binnen iepengiet. Atst dy iepen dochst kinst de tún yn grave.

DEIRDRE: Wêr moat ik mei grave?

GEOFFREY: Goede fraach, Deirdre. Skeppe meinimme. Dan graafst ien meter tachtich de grûn yn, yn gefal fan jim mem ien meter sechstich. *(frou W. slacht mei de kuierstôk op de trap)*

FROU W: Deirdre, bist dêr?

DEIRDRE: Ja mem.

FROU W: Ik kom nei ûnderen. *(Deirdre giet mei Geoffrey it haltsje yn)*

DEIRDRE: Nee, wachtsje no, aansen falst noch. It is in lestich trepke.

FROU W: *(ropt)* Ik rêd it wol, at de see mar kalm bliuwt. *(Geoffrey en Deirdre sjogge elkoar oan)*

GEOFFREY: *(ien en al fraachteken)* De see kalm bliuwt? Wat hast yn fredesnamme tsjin har sein?

DEIRDRE: Ik woe har net fan streek meitsje. Do kinst net tsjin in frou fan santich sizze dat se har tariede moat op it ein fan de wrâld. Dus ik ha sein dat we op reis gongen.

GEOFFREY: Under it gers?

DEIRDRE: Ik ha net sein wêrhinne.

FROU W: Steward.

GEOFFREY: Se tinkt dat we in cruise meitsje.

DEIRDRE: At se mar wille hat. *(frou W. Komt de trap del. Ald, autoritêr, dominant mei sa no en dan in helder momint, mar no net. Se hat in parasol en in grutte hântas by har)*

FROU W: Ik ha noch net sjoen dat se de hutkoffer oan board brochten.

DEIRDRE: Nee mem. Ik ha jo guod meinommen. Leit yn de sliepkeamer ûnder de koai.

FROU W: Koai? Ik wol in kabine, oan bakboard.

GEOFFREY: Seker mefrou. Wolkom oan board. Ik bin de hofmaster.

FROU W: Geoffrey. Wêrom moatst no altyd de clown úthingje?

GEOFFREY: Grapke mem.

DEIRDRE: Dizze kant op, mem.

GEOFFREY: Jou my dy mar. (*nimt de tas oer*)

DEIRDRE: (*bringt har nei de ûntspanningsromte*) Kom hjir mar, mem.

FROU W: It sil wol goed wêze, mar dit is wol ien fan de lytste skippen dêr't ik oait op sitten ha. Doch net Japansk wol?

GEOFFREY: Nee mem, troch en de troch Britsk.

FROU W: O, dat docht my goed.

DEIRDRE: Jo hiene noch net oan board hoegd hear, ik hie jo wol ophelle at it safier wie.

FROU W: Ik ha sa raar dreamd, dat jim fuortfarden sûnder my.

DEIRDRE: (*earm om har hinne*) Dat soe ik noait dwaan.

FROU W: Nee, mar hy wol.

GEOFFREY: (*docht as heart er it net*) Ik gean even nei boppen. Moat noch in pear dinkjes helje.

DEIRDRE: Atst dy telefoanman tsjinkomst, sis dan dat er opsjit.

GEOFFREY: Doch ik. (*draaft de trap op*)

FROU W: Ik ha de Forsyte Sage meinommen. Genietsje ik altyd fan.

DEIRDRE: Ja, dat wit ik mem.

FROU W: Doe wie de wrâld sa beskaafd en elegant. Ik wit datst net yn it ferline leve moatst, mar it ferline wie wol oantrekliker om yn te leven.

DEIRDRE: Wy dogge ús bêst om it no foar jo sa oangenaam mooglik te meitsjen. We ha alle dingen dy't jo leuk fine meinommen. Iten en drinken en ûntspanning.

FROU W: Wier?

DEIRDRE: Ja.

FROU W: Fideobannen?

DEIRDRE: Fansels. En de moaiste fideo: "Mrs Miniver".

FROU W: Oh, Greer Garson? Dy wie echt goed. It liket in leuk reiske te wurden.

DEIRDRE: Sjogge jo wol? Ik wist it wol.

FROU W: It is allinne dat je noait je eigen soarte minsken tsjinkomme op sa'n boat, eh, of hast al ien fan de oaren sjoen?

DEIRDRE: Nee mem, der is oars gjinien. Allinne wy.

FROU W: (*hellet in boek út de tas*) O hearlik. Ik tink dat ik der mar es even lekker foar sitten gean om in eintsje te lêzen. (*Grindle op*)

GRINDLE: Ik leau dat de baby net sliepe wol.

DEIRDRE: Babys binne gefoelich foar in oare omjouwing. Ik sil es sjen oft ik him yn sliep krije kin. (*Deirdre ôf nei de sliepkeamer, Grindle wol der achteroan mar frou W. hâldt har tsjin*)

FROU W: Hast sin oan de cruise?

GRINDLE: Cruise?

FROU W: Op dit skip?

GRINDLE: O ja, no en of.

FROU W: Wat is de earste haven dêr't we oanlizze?

GRINDLE: Rotterdam, tink ik.

FROU W: En dêrnei?

GRINDLE: Casablanca.

FROU W: Casablanca? Mar we sille Tanger doch net oerslaan?

GRINDLE: Wolle jo nei Tanger?

FROU W: Tanger? Jawis. De bazar dêr is echt de muoite wurdich.

Dêr ha ik fiif en tritich jier lyn in hiele fijne Djellabah cape kocht

GRINDLE: O ja, dêr gean we seker hinne.

FROU W: Ik bin bliid dat we der hinnegean, want dy cape is krompen en dêr wol ik it even mei dy keapman oer ha.

GRINDLE: Ha jo sin oan kofje of sokssawat?

FROU W: Nee, nee, nee. Ik wachtsje wol. *(Grindle rint de ûntspanningsromte út at Joe de trap delkomt mei in linnen tas en in griene telefoan wylst er in rôle kabel achter him útrôlet. Grindle nei de keuken. Tsjin Joe)* Ik sil kofjesette. Wolst ek in bakje? *(set de kofje oan)*

JOE: Hiel leaf fan dy skat. Ik sil alles datst foar my hast yn tank oannimme. *(rint mei nei de keuken)* Hoelang wennesto hjir al skat?

GRINDLE: Trije moanne.

JOE: Do hast de linge tout suite oppikt?

GRINDLE: Wat?

JOE: Do hast de taal gau ûnder de knibbel krigen.

GRINDLE: Oh, dy koe ik al foar't ik hjir kaam. Op skoalle leard.

JOE: Jim moatte bettere skoallen ha as wy. Ik ha der no noch wol oan.

GRINDLE: Ja, dat sizze myn earen teminsten al.

JOE: En wat sizze dyn eagen dy? *(hy sjocht der hiel macho út)*

GRINDLE: Dat ik dy wol tútsje wolle soe.

JOE: *(fan 't sintrum)* Oh, no, ik woe sa hurd net fan stapel rinne.

GRINDLE: Ik fyn dat it goed is, atst wat dwaan wolst, datst it dan ek dochst.

JOE: No, dat spylje ik net samar klear.

GRINDLE: Wêrom net?

JOE: Sa'tsto it seist is it hast like opwinend as oan in postsegel slikje. *(hy sjocht wat bang om him hinne)* Der binne oare minsken by.

GRINDLE: Allinne mar frou Waynflete en dy hat neat yn de gaten.

JOE: At it dy itselde is hâld ik it op in bakje kofje.

GRINDLE: Molke en sûker?

JOE: Ja. *(yn him sels)* Sauna en massaazje dogge we aansen wol. *(mei de tas mei ark nei it oanslútpunt yn de romte dêr't frou W. sit*

te lêzen)

FROU W: Wa bisto?

JOE: De technikus.

FROU W: Fansels. Hie ik witte moatten.

JOE: Ik slút him oan foar frou Griene, ik bedoel Jones, sy woe in griene.

FROU W: Wat?

JOE: Sy woe in griene.

FROU W: Dat ha ik heard. Wat seist dêrfoar?

JOE: Ik slút de telefoan oan foar frou Jones.

FROU W: Dat is myn dochter.

JOE: Hiel aardige tante.

FROU W: Tanke.

JOE: Bliuwe jo de hiele tiid by harren?

FROU W: Fansels.

JOE: Jo leaver as ik.

FROU W: Op myn leeftiid is trije wike mar hiel koart. Atst jong bist duorret it fansels ivich.

JOE: Ik soe my deaferfele. Ik bin hiel aktyf. Ik soe it fuotbal en de kroech misse.

FROU W: Wy ha hiel wat mei om de tiid troch te kommen: muzyk, film, boeken.

JOE: It liket wol as ha je der sin oan.

FROU W: Dat is ek sa. En witste dat dit de earste kear sûnt fiif en tritich jier is dat ik yn Tanger oan wâl stappe sil?

JOE: (*reagearret*) Wachtsje even. Wat ha se tsjin jo sein dat dit is?

FROU W: In cruise.

JOE: En wêr sille jim hinne?

FROU W: Dat moatsto doch witte. Do bist de meganisien.

JOE: Wachtsje even. (*nei de hal, nimt de kabel mei, ropt nei Grindle*)
Ik ha my betocht, swart sûnder sûker. (*wer oan 't wurk*)

FROU W: Wat dochst?

JOE: Telefoan oanlizze. Dizze kabel is oansluten op it punt boppe.

FROU W: Mei ik wat opmerke?

JOE: Gean jo gong.

FROU W: Sa gau at wy útfarre brekt er ôf.

JOE: Ja, dat tink ik ek.

FROU W: No, net sizze dat ik dy net warskôge ha.

JOE: Nee mefrou. Mei ik jo freegje wat jo fan doel binne yn Tanger?

FROU W: Ik gean streekrjocht nei de Bazar om myn Djellabah cape te ruiljen.

JOE: Ja, dat leit nochal foar de hân, net? (*Deirdre op*)

DEIRDRE: Godtank, ik ha 'm yn sliep krigen. Ah, dat is krekt de kleur dy't ik ha woe. Kleuret der leuk by.

JOE: Dat is in pak fan myn hert. It is de ienige kleur grien dy't we ha.

DEIRDRE: Mei ik foarstelle dat jim de rekken in wyk of trije opskowe, oars bliuwt er doch mar yn de brievebus lizzen. En wy wolle net ôfsluten wurde.

JOE: Jo kinne altyd yn Gibraltar fan board gean en in sjek op de post dwaan.

DEIRDRE: Gibraltar?

JOE: Of Tanger. Mar jo kinne ek gelok ha. Ik bedoel, at se yn Moskou op de knop drukke hoege jo hielendal net te beteljen.

FROU W: Ik wist net dat wy nei Moskou soene.

DEIRDRE: Dogge we ek net, mem.

FROU W: Dêr friest it en ik ha allinne mar simmerklean mei.

JOE: Gjinn panyk, we farre wat yn de Middellânske see om.

FROU W: En sakrekt wist net wêr't we hinnegean.

JOE: Dêrûnder yn de masinekeamer, neaken en bleat oant de mulle, koalenskeppe wylst it swit dy by de rêch op rint, ha we gjin idee wêr't we hinnegean. Dêr is it fan: **Slepe dy pream, it jout dy in kik, en drinkst ien tefolle dan bedarrest yn de lik.**

DEIRDRE: Ik begryp datst mei ús mem praat hast.

JOE: Ja, we ha 't even oer de reis hân.

DEIRDRE: Mem, do bist in kletsmaajoar.

FROU W: Ik fyn dat it gjin kwea kin om freonskiplik mei de bemanning om te gean.

JOE: Even de brêge belje om it tastel te testen. *(hy toetst in nûmer)*

DEIRDRE: Freegje dan ek daliks hoe't we de rekken betelje kinne.

JOE: Dat is Finansjele Administraasje. *(yn de telefoan)* Baker? Joe hjirre, even de oansluting op punt 12 teste. Ien twa trije fjouwer fiif, slaap kindje slaap, alpha betha gamma delta, de koster sloech syn wiif. *(harket)* Jo antwurd is dúdlik.

FROU W: Freegje ek even nei it waarberjocht.

JOE: Eh?

FROU W: Do bellest doch mei de brêge, net?

JOE: Ja, de kaptein sels.

FROU W: No, freegje him dan.

JOE: *(yn de telefoan)* Dy dame hjir wol witte watfoar waar at we krije. Ik snap it. *(leit de telefoan del)* Portland Bill, Roadway en Rockall, tsien graden en minder, it sicht is helder oant minder goed op Western Avenue. *(knypeaget nei Deirdre)*

FROU W: Dat heart goed.

DEIRDRE: Lês do no mar even, leave.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto